

PROJEKTPLAN FOAR IN FERNIJEND KEATSMUSEUM



OANKEAP, FERBOU EN YNRJOCHTING FAN IT ABN-AMRO GEBOU
OAN DE VOORSTRAAT 76 TE FRJENTSJER FOAR IT KEATSMUSEUM

STICHTING EXPLOITATIE KAATSMUSEUM
STICHTING COLLECTIE EN DOCUMENTATIE KAATSMUSEUM

Ynhâld

Wurd foarôf en rieplachte stikken	3
1 Yntroduksje	4
2 De histoarje fan it keatsmuseum	6
3 It beliedsplan	8
3.1 Organisaasje en organisaasjedoelstellings	8
3.2 Bestjoer en behear	9
3.3 Behearsbelied	10
3.4 Sammelbelied	11
3.5 Presintaasjebelied	14
3.6 Marketing	16
3.7 De ekonomyske kant fan it Keatsmuseum	18
3.8 Frijwilligers	18
4 De ynrjochting en persepsje fan it museum	20
5 De finansjele kant fan de saak	
5.1 De finansjele grûnslach	22
5.2 Ynvestearringsbegrutting	23
5.3 Balâns en Eksploitaasjebegrutting	25
Bylagen	28

Wurd foarôf

Al sûnt 2006 is der in kommisje dwaande mei it ferselstannigjen fan it Keatsmuseum fan de KNKB. Dit brocht hiel wat tûkelteammen mei him mei, mar lang om let waard it Keatsmuseum ferselstannige en op woansdei 18 april 2012 troch de KNKB oan de Stichting Collectie en Documentatie Kaatsmuseum oerdroegen.

Op datselde stuit hongen der al tsjustere wolken boppe it pân dêr't it Keatmuseum yn festige wie, de Camminghastins yn Frjentsjer, want de brûklienjouwer, de Friesland Bank, hold op te bestean. It pân waard ferkocht en de nije eigner hie oare plannen mei it gebou. Fan it moment ôf dat dit bekend waard, hat it bestjoer alle war dien om ferfangende romte te finen. Nei in hektyske lytse twa jier liket dizze syktocht te slagjen. Mei help fan de provinsje Fryslân, de gemeente Fanekeradeel, de keatswrâld (ûndermear KNKB, KPC, Vereniging Vrienden van het Kaatsmuseum), fûnsen en partikulieren liket ús krewearjen fertuten te dwaan en hopet it bestjoer it Keatsmuseum op in nij plak foar eltsenien tagongklik te meitsjen.

Ut namme fan it bestjoer,

J. Hiemstra, foarsitter
Frjentsjer, jannewaris 2014



De foarsitter ûnder de eagen fan alle âld-KNKB foarsitters yn it dokumintaasjesintrum

Rieplachte stikken

- De Keatsfreon 2013 side 50 – 54 It Keatsmuseum ûnder nij bestjoer – Jan Hiemstra
- Beliedsplan Keatstmuseum
- Basisdocument verzamelbeleid Kaatsmuseum
- Beleidsplan vrijwilligers Kaatsmuseum
- In takomst foar it ferline – Beleidsplan Kaatsmuseum
- Akte Stichting Exploitatie Kaatsmuseum
- Akte Stichting Beheer en Documentatie Kaatsmuseum

Foto's: Henk Bootsma, Wommels.

Haadstik 1 Yntroduksje

Yn dit haadstik wurdt yn koarte halen it hoe en werom fan in keatsmuseum yn de keatshaadstêd Frjentsjer oan de oarder steld. Yn de ferfolchhaadstikken wurdt op dizze saken weromkommen en in finansjele ûnderbouwing fan dit projektplan opsteld.

Oanlieding

It Keatsmuseum is yn 1972 oprjochte. Sûnt 1995 fynt it Keatsmuseum ûnderdak op de boppeferdjippings fan de Camminghastins yn Frjentsjer. De oergong fan de Friesland Bank nei de RABO-bank hat der ta laat dat de Camminghastins ferkocht is. De nije eigner hat de besteande brûklienferienkomst fan it Keatsmuseum mei oernommen, mar per 31 desimber 2013 dizze lykwols opsein. Dêrfandinne dat it Keatsmuseum op koarte termyn op syk moast nei oare húsfersting yn Frjentsjer.



De Camminghastins mei op de boppeferdjippings it Keatsmuseum

Program fan easken

In gebou dêr 't it Keatsmuseum yn festige is moat oan de folgjende betingsten foldwaan:

- In entree en in útstallingsromte op de begeane grûn, sadat it museum ek foar beheinden tagonklik is;
- Goeie klimatologyske omstannichheden dy 't foar it konservearjen fan de kolleksje needsaaklik binne;
- Foldwaande fasiliteiten foar it bestudearjen fan de dokumintaasje;
- Genôch wurkromte foar de ferskate frijwilligers;
- In klûs der 't weardefol guod feilich yn opslein wurde kin;
- De mooglikheid biede foar in nije ynrjochting dy 't oanslút by hjoeddeistige winsken en ûntjouwings op it mêd fan presintaasje en belibjen fan in museumkolleksje;

- Njonken de fêste opstelling, romte kreëarje foar wikselútstallings;
- Yn it histoaryske sintrum fan Frjentsjer tichtby it Sjûkelân lizze, sadat it ‘unique selling point’ optimaal ta syn rjocht komt.

It tsjin kommersjele prizen hieren fan it oar pân foar it Keatsmuseum is ûnmooglik. In sûne finansjele eksploitaasje sil allinne mooglik wêze as it Keatsmuseum festige is yn in eigen pân dêr’t nei oankeap, ferbou en ynrjochting gjin finansjele skuld op leit.

In unike kâns

Troch oankeap, ferbou en ynrjochting fan it ABNAMro-bankgebou oan de Voorstaat 76 te Frjentsjer, tichtby it Sjûkelân, ûntstiet der foar it keatsen in unike kâns om in wichtich part fan it Frysk Kultureel Erfgoed op in oansprekkende wize oan in breed publyk sjen, fiele en belibje te litten. Yn essinsje giet it om it realisearjen fan in modern en takomstbestindich museum en dokumintaasjesintrum oer it keatsen yn Fryslân en besibbe farianten om utens. Dernjonken sil it pân brûkt wurde foar de opslach fan attributen en as wurkromte foar de frijwilligers fan it museum.

Doel

Yn it rapport ‘In Takomst foar it Ferline’ (2005) hat de KNKB har fisy dellein foar de takomst fan it Keatsmuseum en dokumintaasjesintrum; in takomst dy’t no troch oankeap fan in gebou op in perfekte lokaasje realisearre wurde kin. Hjir lizze in protte útdaagjende kânsen om op eigentiidske wize de skitterjende en fariearde kolleksje fan it Keatsmuseum te presintearjen en it grutte tal foto ’s en dokuminten in goed ûnderdak te jaan. Fan belang is ek dat it behear en dokumintearjen fan de kolleksje tenei op ferantwurde wize dien wurde kin. Frijwilligers krije yn dit nije Keatsmuseum mear earmslach om harren wurk te dwaan (ynventarisearjen, behâldsaktiviteiten, digitalisearingsprojekten ensfh.) en dêrmei de kolleksje foar in breed publyk optimaal tagonklik te meitsjen.

Doelgroepen

It Keatsmuseum is der foar in breed publyk lykas de leafhawwers fan it keatsen yn it bysûnder en de sport yn it algemien, en de minsken mei in brede kulturele belangstelling. Toeristen en passanten moatte oanset wurde in besite oan it Keatsmuseum te bringen. Skoalbern, learlingen fan de middelbere skoallen en studinten moatte yn de kunde komme mei it keatsen en de histoaryske wearde fan it (Fryske) keatserfgoed.

Haadstik 2 De histoarje fan it Keatsmuseum

De oprjochting

It Keatsmuseum is yn 1972 oprjochte as ûnderdiel fan de KNKB en wie dêrmei fuortendaliks it âldste sportmuseum fan Nederlân. It keatsbûn waard sa as eigner fan it Keatsmuseum njonken sportbûn tagelyk hoeder en noeder fan de keatskultuer. Mei meiwurking fan boargemaster Jan Dijkstra waarden op 'e boppeferdjipping fan it gemeentemuseum 't Coopmanshûs oan de KNKB, dy 't doe 75 jier bestie, twa keamers beskikber steld. Dijkstra iepene op 8 juny 1973 it museum mei in tentoanstelling oer keatsferiening Marsum, dy 't dat jier de 'bond' wûn. Foar in part kaam it 'museumguod' by de Frjentsjerter kastlein Schelte Dijkstra wei. Hy wie in keatsleafhawwer yn ieren en sinen en hie hiel wat foto's en oar keatsguod yn syn kafee útstald. Doe 't it museum der lykwols ien kear wie, kamen der fan alle einen en kanten mear keatsattributen op de KNKB ôf. Al dy 'spullen' krigen in plakje yn it museum.

It dokumintaasjesintrum


Fan de oprjochting fan it Keatsmuseum ôf hat it fuortendaliks ek dokumintaasjesintrum en bibliteek west. Doeke Zijlstra (keatshistorikus), Jan Rodenhuis (KNKB-foarsitter) en Johannes Dijkstra (KNKB-ponghâlder) hawwe mei harren pionierswurk de grûnslach lein fan it dokumintaasjesintrum. Der leit hiel wat opslein oan keatslisten, keatsblêden, jubileumboeken, biografyen en knipsels út alle mooglike Fryske kranten en tydskriften. De losse stikken binne kreas per feriening en per keatser, yn mappen oardere. Dizze mappen ha tal fan kearen de basis fan in jubileumboek of ynformaasje foar de KPC en KNKB foarme. Mei it op peil hâlden fan de mappen binne wykliks noch altyd frijwilligers dwaande. Net allinne wat der skreaun is, is foar it dokumintaasjesintrum fan belang, mar ek 'byld en lûd' lykas foto's, fideo, film, audiofragminten, affysjes, struibriefkes en skilderijen. In grut part fan dit materiaal is te finen op de moderne media www.kaatshistorie.nl (in gearwurking fan Keatsmuseum en Tresoar) en de eigen site fan it museum www.kaatsmuseum.nl.



De mappen yn it dokumintaasjesintrum mei dêryn de nijskirrichheden oer de keatsers

Fan Coopmanshûs nei Friesland Bank

Sûnt 1995 hat it Keatsmuseum ûnderdak op de earste en de twadde ferdjipping fan de Friesland Bank yn Frjentsjer. Yn dizze romten siet it munten- en penningenkabinet fan de Friesland Bank. Dizze romten kamen lykwols frij en mochten brûkt wurde foar it Keatsmuseum. It tal kantemeters útstallingsromte naam hjirtroch ta. De útstalling koe op 'e nij ynrjochte wurde. Der kaam sa mear en bettere romte foar de dokumintaasje en op 'e 'souders' wie genôch romte foar in grut tal medaljekasten. Op 1 april 1995 waard de nije húsfersting fan it Keatsmuseum iepene troch Erica Terpstra, doedestiids steatssekretaris fan Folkssûnes, Wolwêzen en Sport. Oant ein 2013 soe dit it plak bliuwe foar it Keatsmuseum.



Nei in nije koers

Om it Keatsmuseum sa goed as mooglik syn gerak te jaan en it haadbestjoer fan de KNKB fan deistige museumperikels te befrijen, waard der in Museum- en dokumintaasjekommisje ynsteld. It Keatsmuseum bliuwde lykwols ûnderdiel fan de KNKB. Bestjoerlik koe oan it museum net dat omtinken jûn wurde dat noadich wêze moast om it ta ûntjouwing te bringen. Subsydzjejouwers stienen net yn de rige om oan in museum by te dragen dat yn hannen fan in sportbûn wie. Binnen de KNKB sette dan ek in diskusje útein dy 't yn 2005 resultearre yn it 'Beleidsplan Kaatsmuseum' mei as sprekke titel 'De takomst foar it ferline'. De wichtichste konklúzje fan it rapport wie 'Voor het realiseren van een verzelfstandigd Kaatsmuseum met een eigen autonoom bestuur ligt een apart op te richten Stichting Kaatsmuseum het meest voor de hand'.

It omslachpunt

Ein 2005 wurdt Jan Hiemstra frege om lieding te jaan oan in wurkgroep om it Keatsmuseum op grûn fan it rapport 'De takomst foar it ferline' los te keppeljen fan de KNKB. Jan Hiemstra hat dit oannommen en saakkundigen oansocht op museaal en boukundich mêd, Theo Kuipers en Piet van Duinen. Letter kamen de âld KNKB-foarsitter Theunis Piersma en de âld KNKB-direkteur Frans Dijkstra op persoanlike titel ek yn de wurkgroep. Troch alle feroarings binnen de KNKB foel it net altyd ta om by it proses fan ferselsstanning de gong der yn te hâlden. Mar begjin 2011 is it safier. Notaris Theo Koelma te Frjentsjer advisearre en makket de statuten op foar twa selsstannige stiftingen. Yn april 2012 fynt de oergong plak en wurdt it Keatsmuseum losmakke fan de KNKB. It bestjoer fan beide stiftingen bestiet dan út Jan Hiemstra, foarsitter, Frans Dijkstra, skriuwer, Theunis Piersma, ponghâlder, Theo Kuipers, museale saken en Piet van Duinen, húsferstingsaken.

Haadstik 3 It beliedsplan

Yn it beliedsplan komme de folgjende ûnderdielen oan bar:

3.1 Organisaasje en organisaasjedoelstellings

Foar it eksploatearjen en it yn stân hâlden fan it Keatsmuseum binne der twa stiftings ûnder itselde bestjoer oprjochte. Dit binne:

- Stichting Exploitatie Kaatsmuseum;
- Stichting Collectie en Documentatie Kaatsmuseum.

Foar it oprjochtsjen fan twa stiftings jildt gjin bedriuwsekonomyske, mar allinne in juridyske reden. De noarm is dat de exploitaasje fan it museum yn de Stichting Exploitatie Kaatsmuseum bart en wat foar it fuortbestean fan it Keatsmuseum essinsjeel is, sa as de kolleksje, útstallings- en presintaasjemoglikheden en it gebou, ûnderbrocht wurde yn de Stichting Collectie en Documentatie Kaatsmuseum. Troch de beide stiftings juridysk los fan inoar te keppeljen kinne wy foar wêze dat by in fallissemint mei sukses beslach lein wurde kin op de yn de rin fan de jierren fergarre schinkings. Yn haadstik 5 gean wy foar 't gemak lykwols út fan de finansjele ferbûnens fan beide stiftings troch de finansjele gegevens te konsolidearjen. Yn dat haadstik komme wy der dan ek wer op werom.

Yn it beliedsplan steane tal fan organisaasjedoelstellings dêr't guon sûnt 2012 al fan realisearre binne. Dizze binne:

- Regeljen fan de eigendomsoerdracht fan de totale museumkolleksje mei de KNKB en fêstlizzen fan finansjele ôfspraken (realisearre yn 2012);
- Dúdlikens oer brûklieoerienkomsten fan in part fan de kolleksje (noch mei dwaande);
- Ferkrijen fan de Anbistatus troch de Stichting Collectie en Documentatie Kaatsmuseum (realisearre yn 2012);
- Soargje foar in effektive en doelmjittige organisaasje mei heldere taakomscriuwing foar it Algemien Bestjoer en Museumkommisje (noch mei dwaande);
- Yn oerlis mei de Museumkommisje soargje foar heldere en dúdlike wurkôfspraken mei de frijwilligers (noch mei dwaande);
- Untwikkelfan in fisy op de húsfersting foar de lange termyn (liket ein 2013, begjin 2014 syn beslach te krijen).



3.2 Bestjoer en behear

3.2.a Bestjoer

It bestjoer hat it oersjoch en bewâld oer beide stiftings en bestiet út fiif persoanen dy't de funksjes en taken sa ferdielt hawwe:

- Jan Hiemstra, foarsitter;
- Frans Dijkstra, skriuwer;
- Theunis Piersma, ponghâlder;
- Piet van Duinen, boukundige saken en gebouwenbehear;
- Theo Kuipers, museale saken.

Yn de Bylage Bestjoer binne de taken fan de funksjes neier omskreaun en ek hoe 't wy tinke dat de takomst der bestjoerlik út komt te sjen.

3.2.b Museumkommisje

De Museumkommisje hat as wichtichste taak it deistich behear oer it Keatsmuseum.

Ta de taken fan de Museumkommisje hearre ûndermear:

- Oanstjoeren fan de frijwilligers foar de útfierende saken;
- Opstellen fan jierlikse aktiviteitenplannen op it terrein fan akwisyse, behear en presintaasje en it tafersjoch hâlden op de útfiering hjirfan;
- Opstellen fan in oanwêzigheidsroaster;
- Ferantwurdlik wêzen foar de deistige útjeften en ynkkomsten (Behearen Museumkas);
- Sammelen en behearen fan museumstikken en dokumintaasje, op basis fan it formulêre kolleksjebelied;
- Registrearjen en tafersjoch hâlden op eksterne útlienings;
- Beskriuwen en ûntsluten fan de kolleksje yn registraasjesystemen;
- Digitalisearjen fan de kolleksje.

3.2.c Behear

It behear wurdt dien troch in húsmaster/rûnlieder mei as taken:

- Iepenstellen en ôfsluten fan it Keatsmuseum;
- Soargjen foar de kaartferkeap oan besikers;
- Op fersyk fersoargjen fan begeliedende ynformaasje;
- Tafersjoch hâlden by oanwêzigheid fan besikers.
- Njonken de húsmaster wurde der behearstaken troch de frijwilligers fersoarge.



3.3 Behearsbelied

Saken behearje moat op basis fan in belied barre. Foar it behearsbelied fan it Keatsmuseum binne twa saken fan belang: it soarchfâldich bewarjen en it efektyf registrearjen foar deistich en takomstich gebrûk.

3.3.a Bewarjen

By it bewarjen moat tocht wurde oan desennia en net oan jierren. Dêrfandinne is in lange termyn fisy needsaaklik om foar te wêzen dat by it bewarjen skealike effekten ûntsteane dy't pas op termyn sichtber wurde, lykas oantaasting fan de earetekens troch korroazje, skea troch de ynfloed fan ljocht (UV-strielen), focht en temperatuerferskillen. Ek it goed skjin hâlden is in wichtich ûnderdiel yn de striid tsjin ûngedierte en baktearjes. Yn it Keatsmuseum wurdt wurke mei frijwilligers dy't net in spesifike oplieding ha op it mêd fan konservearjen. Dêrom moat immen in kursus folgje oer konservearringsbelied by begelyks de Museumfederaasje Fryslân.

3.3.b Registrearjen

De foarwerpen moatte beskreaun wurde yn in kompjûterprogramma. Dêr wurdt al in pear jier oan wurke. Alle dokumintaasje moat mei help fan in kompjûterprogramma ynfierd wurde en it bewarplak (fynplakregistraasje) moat yn dat systeem fêstlein wurde. It útlienen en werombringen fan materiaal foar eksterne útstallings moat soarchfâldich registrearre wurde en sa mooglik troch ien en deselde persoan útfierd wurde.



3.3.c Digitalisearjen

Yn gearwurking mei Tresoar wurdt der wurke oan it scannen en beskriuwen fan de totale foto- en filmkolleksje fan it Keatsmuseum. Dat is fan grut belang foar it behâld op langere termyn fan dit materiaal út de kolleksje. Mei Tresoar moat noch in skriftlike oerienkomst sluten wurde dêr 't yn fêstlein wurdt dat Tresoar soarget foar de digitale opslach fan de foto's. Op termyn moat de hiele kolleksje digitalisearre wurde.

It Keatsmuseum hat yn 2013 in webside ûntwikkelje litten dy't troch eigen minsken beheard wurde kin. Sa binne wy baas oer it sels oanfoljen en fuortheljen fan teksten op ús webside.

Hjirop moat alle relevante ynformaasje komme dy't foar de keatsleafhawwers en keatsûndersikers nijsgjirrich is. Jo kinne dêr in komplette útstalling sjen litte oer keatsers, keatsferienings, ynternasjonale wedstriden ensafuorthinne. Koarte filmkes, yn gearwurking makke mei studinten fan de oplieding Multi Media Design fan de NHL jouwe in mearwearde. Ek APP's of QR koades fia smartphones of tablets sille yn it fernijde Keatsmuseum brûkt wurde.

3.3.d Feiligens

Smoke yn it gebou is net tastien, likemin as it drinken fan kofje, tee of wat dan ek oan in tafel dêr't dokumintaasje op leit. It kommisjelid dat oer ICT-saken giet draacht it tafersjoch op it mei regelmaat updaten fan de kompjûterbestannen en it feilich stellen hjirfan op ien of mear eksterne skiven, dy't earne oars bewarre wurde. Der moat in alarmsysteem wêze dat in ferbinig hat mei in meldkeamer. Foar it tagongsbehear en de dêrby hearende kaaïen en kaartsjes moat in protokol opsteld wurde.



De nammen fan alle PC-keningen ûnder de balken

3.4 Sammelbelied

Om wat beheare te kinnen moat der earst sammele wurde en mei dit sammeljen moat trochgongen wurde. Foar it sammeljen is dan it kolleksjeprofyl, sa as dat yn de statuten fan de Stichting Collectie en Documentatie omskreaun stiet, de noarm (*het vormen en beheren van een collectie voorwerpen en documentatie over de kaatssport in binnen- en buitenland*). Om goed mei dizze frij algemiene definysje te wurkjen is it needsaaklik dat dêr yn de útwurking foarm en rjochting oan jûn wurdt. It sûnder mear alles mar garje en sammelje wat mei keatsen te krijen hat, sjit syn doel foarby.

Underlinge gearhing

Der moat soarge wurde foar in ûnderlinge gearhing yn de totale kolleksje op basis fan in kolleksjeprofyl mei in dêrút folgjend gearhingjend sammel- en akwisysebelied. Dêrnei sil der ta in taakferdieling foar it sammeljen en registrearjen fan materiaal út de spesifike oandachtsfjilden kommen wurde moatte.

Dêrom wolle wy:

- In aktivere en mear stjoerende wize fan sammeljen ha. Net wachtsje op wat op ús ôfkomt, mar doelbewust sykje nei guod dat lakunes yn de kolleksje oanfalt (Foarbylden hjirfan binne keatsklean en ôfdielingsshirts);
- Kontakten lizze mei partikuliere samlers en keatsfotografen (Foarbylden hjirfan binne de grutte kolleksje foto 's fan Gert Gort en Jan Tromp, dy 't yn de rin fan 2013 ferkrigen binne;.
- Op termyn de hiele kolleksje yn it ynternasjonale standardisjearre beskriuwings-systeem ûnderbringe.

Der is al in gearwurking mei Tresoar foar it opslaan fan ús komplette kolleksje foto's, mar der wurdt ek al oerlis fiert om de rest fan ús kolleksje yn harren beskriuwingsysteem ûnder te bringen.

In dûbele yngong

Oan de iene kant moat der sammele wurde op in sa 'n kompleet mooglik seriële dokumintaasje, mar oan de oare kant nei in grut ferskaat oan materiaal mei unike aspekten. Foar seriële dokumintaasje moat hjir benammen tocht wurde oan konstante searjes ferieningsbledsjes, affysjes, tydskriften ensafuorthinne. Foar unike materialen oan keatsprizen, keunstfoarwerpen, keatsmaterialen ensafuorthinne. Dan moat it sa wurde dat der troch de ûnsichtbere triedden in gearhing ûntstiet, sadat by neier ûndersyk bliken docht dat alles mei inoar te krijen hat.

Konkrete oandachtsgebieten foar it sammelbelied

Dokumintaasje sa as keatslisten, keatsbledsjes, keatsmagazines, jubileumboeken, knipsels út kranten en tydskriften, biografyen en oare keatsliteratuer.

Keatsprizen sa as earetekens, keunstfoarwerpen, lúkse foarwerpen mei ynskripsje, findels mei of sûnder earetekens en boarstlapen mei earetekens.

Byld en lûd sa as foto's, fideo, film, audiofragminten, affysjes, struibriefkes en skilderijen.

Keatsmaterialen sa as keatsballen, keatsmoffen, linen, proppen, karmasterstokken, keatsklean, petten, skuon en sokken.

Ferskaat sa as foarwerpen en dokumintaasje dy't betrekking ha op keatsers, keatsbestjoerders, keatsferienings en oare belutsenen.



Foto Henk Bootsma

3.4.a It wêrom fan it sammeljen

Yn it kolleksjeprofyl lykas dat yn de statuten omskreaun is, stiet wol wat it Keatsmuseum sammelt mar net wêrom dat sammele wurdt. Dêrom is it goed dat hjir te formulearjen. Sammeljen is ommers mear as garjen. It Keatsmuseum sammelt keatsersfgoed - yn de romste betsjutting – om it nei beskriuwen en registrearjen op sa'n wize foar it neiteam te behearjen dat ek yn de takomst de histoaryske kontekst fan de kolleksje te rekonstruearjen falt.

3.4.b It organisearjen fan it sammeljen

3.4.b.a Seriële dokumintaasje


Foar it sammeljen fan seriële dokumintaasje moatte ien of mear persoanen ferantwurdlik makke wurde. Foarbyld: Ien persoan moat it hiele jier soargje dat fan alle keatslisten ien (of leafst twa) eksimplaar, mei dêrop de útslach yn de kolleksje komt. Dy persoan moat dy listen fêstlizze yn in registraasjesysteem. Sa'n frijwilliger hat dan ien dúdlike taak en kin him of har spesjalisearje en it wurk sels yndiele.

3.4.b.b Unika

Op basis fan it sammelbelied moat sjoen wurde wat de lakunes yn de kolleksje binne. Dêrnei moat aktyf socht wurde nei oanfolgings. Der moat dan ek altiten neitocht wurde yn hoefier skinkings represintatyf en relevant binne foar de kolleksje. By unika kin men ek tinke oan geastlik erfgoed sa as it optekenen fan ferhalen en anekdoates en dat dan yn 'e mande mei byldopnames fan de ferteller. It selektearjen en wurdearjen fan wat 'unyk' materiaal is bliuwt subjektyf en fereasket oerkoepeljend tafersjoch.

3.4.b.c Skinkings- en/of brûklienoerienkomst

Der moat ien persoan gean oer it yn ûntfangst nimmen fan materiaal dat oanbean wurdt. Foar alles wat oanbean en oannomen wurdt, moat der in skinkings- of brûklienoerienkomst troch it bestjoer tekene wurde. De oerienkomst moat yn twafâld opmakke wurde en it eksimplaar fan it Keatsmuseum moat goed ekstern bewarre bliuwe.



In foarbyld fan 'unika'

3.4.b.d Kontakten mei de KNKB, KPC en ferienings

In grut tal seriële mar ek unike foarwerpen en dokumintaasje (ynternasjonale prizen en realia) komt fia de KNKB, KPC en ferienings op ús ta. Foar it Keatsmuseum binne dizze organisaasjes net allinne goeie brûkers fan it sammele dokumintaasjemateriaal mar ek, njonken de Freonen fan it Keatsmuseum, wichtige stipers om it Keatsmuseum eksploiteabel te hâlden.

3.5 Presintaasjebelied

It seit himsels dat in museum in kolleksje dy 't sammele is en beheard wurdt ek presintearje wol. Neist it presinearjen fan de kolleksje yn it eigen museum en op de eigen webside kin dy presintaasje fan de kolleksje neffens artikel 2 fan de Stichting Collectie en Documentatie Kaatsmuseum ek betsjutte: ' *het ter beschikking stellen van de collectie aan derden ten einde de collectie aan het publiek ten toon te stellen en toegankelijk te maken...*'

3.5.a Publyksberik: it Keatsmuseum

It Keatsmuseum leit aansens op in daalders plak, op in boppeslach fan it Sjûkelân. Der is sawat fysyk kontakt tusken it gers fan it keatsfjild en de foarwerpen en de dokumintaasje dy't foar besikers sa nijsgjirrich binne om it museum te besykjen. It Keatsmuseum hat oant no ta allinne mar tidens it keatsseizoen fan tiisdeis oantenmei sneons fan 13.00 oer oant 17.00 oere iepen west. Soks is fierstente min. Ien fan de spearpunten sil dan ek in langere iepeningstiid en -pearioade fan it Keatsmuseum wurde. Dan sille ek de besikerstallen tanimme.



It lytse tal besikers is ek it gefolch fan de net sichtbere tagongsdoar oan de efterkant fan it hjoeddeistige Keatsmuseumgebou mei boppedat in smelle winteltrep dy 't net útnoeget beklommen te wurden. Mei in lokaasje op de begeane grûn, tichtby it Sjûkelân en mei in goede marketing meie wy der mear fan ferwachtsje. En dan komt der noch by dat de besteande útstalling net oan de hjoeddeiske easken foldocht en op'e nij ynrjochte wurde moat. Yn in nije sitewaasje sil der, mear as no it gefal is, gebrûk makke wurde moatte fan fideo, audio en ynteraktive media. In 'upgrading' fan de útstalling en in yntinsivere benadering fan it publyk sille grif mear besikers ta gefolch ha.

3.5.b Publyksberik: Digitale ûntwikkelings

De webside www.kaatshistorie.nl hat yn koarte tiid syn besteansrjocht bewiisd. Yn de perioade fan augustus 2010 oantenmei augustus 2011 ha der sa'n 90.000 besikers west dy 't mei inoar sa'n miljoen foto's besjoen ha. (In gemiddelde fan sa'n 250 besikers alle dagen, dy't gemiddeld 10 siden besjogge). Haaddoel fan de webside is om al it byldmateriaal - foto's, dia's, films - beskikber te stellen foar it publyk. In twadde doel fan de webside is om de ynteraksje en de belutsenens mei it keatsfolk te fergrutsjen. Mei hast alle dagen wol ien of mear reaksjes kinne wy dêr net ûntefreden oer wêze.

3.5.c Op oare plakken

Mear as no it gefal is moat der neitocht wurde oan it presintearjen fan de kolleksje op plakken bûten it Keatsmuseum. Dit kin yn gearwurking mei ferskate partners, tink oan keatsferienings, bedriuwslibben, oerheden, Tresoar, musea, âldheidkeamers, gemeentehuzen, provinsjehûs, histoaryske ferienings en ynstellings dy 't ús stypje. Troch gearwurking fersterkje en ferbreedzje wy ús netwurk en bine sa mear minsken oan it museum. Gearwurking en sichtber meitsjen fan de kolleksje slút ek oan by it oerheidsbelied om museale kolleksjes tichter by de minsken te bringen. Hjirmei lizze wy in sterker fûnemint ûnder ús bestearsrjocht.

3.5.d Gearwurking

Oant no ta stie it Keatsmuseum tige op himsels. Dit moat oars! Ynstee fan allinne yn de keatsperioade (sa 'n 22 wiken), fiif middeis yn de wike fan 13.00 oant 17.00 oere iepen te wêzen, moat it Keatsmuseum it hiele jier iepen. En as yn de winterperioade in hiele wike te ambisjeus is, dan yn alle gefallen op sneon en snein. Dan wurdt der fuortendaliks ek oansluten by iepeningstiden fan sawol Planetarium as Martenahûs. Mei dizze twa ynstellings moat ta in mienskippelik yntreekaartsje kommen wurde, sadat de besikers in rûntsje troch Frjentsjer meitsje kinne, de musea besykje, in stedskuier lâns it Sjûkelân meitsje en efkes oanstekke yn bygelyks De Bogt fan Guné. As wy mear te bieden ha wurdt it foar oare partners ek oantreklik om mei ús gear te wurkjen.

Nei bûten ta ha wy de finsters al iepen set. Sa binne der kontakten mei de Museumfederaasje Fryslân, dêr 't wy lid fan binne, en benammen mei de direkteur Mirjam Pragt. Ek mei Tresoar is der gearwurking. By Tresoar ha ús frijwilligers bygelyks al ris ynstruksjes hân. It digitale projekt kaasthistorie.nl wurdt yn 'e mande mei Tresoar útfierd. Ek mei de Stichting Franeker Ster van de Elfsteden ha der al kontakten west.

Men kin fan tinken wol ha dat it bestjoer fan de stiftings alle war dwaan sil it Keatsmuseum breed út te dragen, kontakten te sykjen mei besibbe kulturele ynstellings, kursussen foar frijwilligers op tou te setten, in marketingplan op te stellen, kontakten mei bedriuwslibben en oerheden te sykjen en keatsleafhawwers en oare doelgroepen binnen de muorren besykje te krijen.



3.6 Marketing

3.6.a Draachflak

De grûnslach ûnder it Keatsmuseum wurdt foarme troch de âld-keatsers en harren neiteam dy't de weardefolle kolleksje skonken of yn brûkliken jûn hawwe oan yn earste ynstânsje de KNKB en no oan de Stichting Collectie en Documentatie Kaatsmuseum. De kolleksje hat op dit stuit in fersekerde wearde fan mar leafst € 400.000. Soks tsjûget fan grutte belutsenens mei de keatssport yn it algemien en it Keatsmuseum yn't bysûnder!

3.6.b Doel

In tiid dêr't fan musea 'kultureel ûndernimmerskip' yn easke wurdt, moat belied ûntwikkele wurde om it publyksberik te fergrutsjen en te ferbreedzjen. In PR en marketingplan is dêr in treflik middel foar. Yn abstrakte sin moat dit troch it fergrutsjen fan de (namme)bekendheid fan it Keatsmuseum, mar yn mear konkrete sin troch in taname fan de besikerstallen. Oant no ta waard der gebrûk makke fan folders, gemeentlike gearwurking en de besteande kontakten fia de KNKB om it museum oan de man te bringen. It Keatsmuseum moat, no't it op eigen fuotten stiet, ek in eigen hjoeddeiske útstrieling ha. Fansels kinne PR -ynstruminten dy't goed wurkje bestean bliuwe, mar dat sil net genôch wêze om de besikerstallen omheech te bringen. It gebrûk fan nije media as Twitter, Facebook, Foursquare, en tapassings fia de mobile telefoan (App's en QR-Koades) binne hjirby needsaaklik.

In wat ûnderbeljocht aspekt yn it profilearjen is it feit dat it Keatsmuseum *It âldste sportmuseum* fan Nederlân is. Hjir soe yn de kommunikaasje mear klam op lein wurde moatte. It kin in ekstra stimulâns wêze foar benammen de toerist en rekreative passant om it Keatsmuseum te besykjen. Oerlis mei provinsjale of regionale toeristyske promoasje ynstellings is hjirby fan grut belang.



3.6.c Doelgroepen

De ambysje om mear besikers te lûken, betsjut in aktyf belied om ferskate doelgroepen te berikken. Mar mear besikers lûke betsjut ek dat it museum op 'e nij ynrjochte wurde moat. It statyske út it museum sa as it yn 1994/1995 ynrjochte is, moat ferdwine. In nije ynrjochting moat de dynamyk fan dizze tiid útstriele en de besikers it keatsen en alles wat dêrmei anneks is belibje litte. Yn haadstik 4 komme wy hjir op werom. As dat realisearre is hoopje wy de neikommende doelgroepen te berikken:

- De leafhawwers fan keatsen yn it bysûnder en fan sport yn it algemien
- Minsken mei in brede kulturele belangstelling
- Toeristen en rekreative passanten
- Sponsoaren fan de KNKB en oare relaasjes yn it algemien en mear spesifyk in relaasjedei foar it Keatsmuseum sels.
- Groepen lykas bygelyks personielsferienings
- It ûnderwiis

Wy binne fan doel keatsferienings út te noegjen om mei harren leden in besite te bringen oan it Keatsmuseum. Soks kin bygelyks as in jubileumboek foar in grut part mei materiaal út it museum skreaun is. Ek oare sporten sille wy oantrune in besite oan it museum te bringen. Foar personielsferieningen kin in útstapke nei Frjentsjer wolris wat hiel bysûnders opleverje. Ek yn it ramt fan 'teambuilding' biedt de kombinaasje Keatsmuseum en keatsen op it Sjûkelân grutte mooglikheden. Fierders wolle wy skoalbern, learlingen fan de middelbere skoallen en studinten yn de kunde komme litte mei it keatsen en de histoaryske wearde fan it Frysk (keats)erfgoed. Dêrfoar is yntusken al in spesjale leskiste makke dy't liend wurde kin troch de skoallen. Foar ûnderwiisynstellings leit it yn 'e reden om gebrûk te meitsjen fan de mooglikheden om it ien en ioar te kombinearjen mei in keatsaktiviteit op it Sjûkelân of in besite oan oare Frjentsjerter musea. Foar learlingen fan middelbere skoallen soe in besite oan it Keatsmuseum in ûnderdiel wurde kinne fan de (ferplichte) kulturele foarming.



3.7 De ekonomyske kant fan it Keatsmuseum

It Keatsmuseum kostet net allinne, mar smyt ek wat op. As de flecht op de koai grutter wurdt, komme der mear minsken yn stêd en streek. Wy sille dizze komst stimulearje troch marketingaktiviteiten en de besteande arranzjeminten mear hannen en fuotten te jaan. Touringcarbedriuwen en (fyts)organisaasjes dy't stêdetrips organisearje wurde oanskreaun mei in oanbod foar in oantreklik programma. Sa'n programma kin bestean út in besite oan it Keatsmuseum en kin kombinearre wurde mei in aktive keatsclinic of keatsdemonstraasje op it Sjûkelân. In neipetear yn de Bogt fen Guné, de âldste studinteherberch fan Nederlân, mei dan fansels net ûntbrekke. Mar de pleatslike horeka kin in besite oan de musea ek oanfolje mei Fryslân Kulinêr (streekprodukten). Sels sil it museum net by steat wêze in horekafunksje út te oefenjen útsein it skinken fan in bakje kofje, tee of in gleske limonade!

Foar Keatsstêd Frjentsjer is it tige gaadlik om hjirmei ynhâld te jaan oan en mei te liften mei it oantreklike toeristyske konsept fan de Fryske 11-Stêden. Frjentsjer kin sa net allinne as âlde Universiteitsstêd en mei it Planetarium fan Eise Eisenga mar ek as 'De stêd fan de keatshistoarje' op de kaart setten wurde troch de KPC en it fernijde Keatsmuseum. En wat foar Frjentsjer jildt, jildt ek foar de provinsje Fryslân. Yn ús provinsje kinne tal fan mooglikheden kombinearre wurde mei in besite oan it Keatsmuseum. It is sels mooglik hjir in ynteraktive keatsrûnlieding troch Frjentsjer of de keatshoeke oan ta te heakjen. Yn it ramt fan Kulturele Haadstêd Ljouwert 2018 komt der bûten de haadstêd wer in mooglikheid by. Frjentsjer as Stjer en Keatsmekka fan de Fryske 11-Stêden. In bysûndere groep toeristen kin yn de takomst foarme wurde troch al dy minsken dy 't Harns op in cruiseskip oandogge en wolris witte wolle wat der yn de 'binnenlannen' allegearre bart!

3.8 Frijwilligers

3.8.a Frijwilligers as fûnemint ûnder it Keatsmuseum

Stiftingsbestjoersleden, leden fan de Museumkommisje en de Frijwilligers sette harren allegearre op frijwillige basis yn foar it Keatsmuseum en alles wat dêr mei gearhinget. Elts yn syn eigen rol mei in eigen selsstannige ferantwurdlikens. Sûnder frijwilligers soe it Keatsmuseum gjin bestearsrjocht hawwe. Yn it beliedsplan frijwilligers is de ûnderlinge ferhâlding tusken de frijwilligers en it Keatsmuseum opnommen. Hjiryn komt ûndermear oan de oarder wat wy mei ús frijwilligers wolle, wat it museum de frijwilligers te bieden hat, hokker regelings der foar frijwilligers binne en wat de ûnderlinge ôfspraken binne.

3.8.b De bedoeling fan it Keatsmuseum mei de frijwilligers

Fan grut belang is dat in frijwilliger meihelpt de doelstellings fan it Keatsmuseum te realisearjen. Wurk dat troch in frijwilliger oppakt wurdt soe oars net dien wurde. Dy frijwilliger docht dat yn alle frijheid, mar moat yn de gaten ha dat it lykwols net frijbliuwend is. Makke ôfspraken moatte neikommen wurde. It Keatsmuseum docht alle war om de frijwilligers in goede wurkomjouwing te bieden en ta in nuttige tiidsbesteging te kommen, sosjale kontakten te lizzen, de eigen kwaliteiten en talinten te brûken en respekt te krijen troch it dwaan fan sinfolle wurksomheden. Dêrnjonken wolle wy ek minsken mei in (tydlike) ôfstân ta de arbeidsmerk de mooglikheid biede om yn it Keatsmuseum oan de slach te gean en sa wer ritme en ûnderfining op te dwaan om makliker in baan te krijen.

3.8.c De regeling fan it Keatsmuseum foar de frijwilligers

Foar de frijwilligers is der in oanspraaklikens- en ûngefallenfersekering, needsaaklike reiskosten wurde tsjin it fiskaal tastiene taryf fergoede en natuerlik is der op tiid in bakje tee of kofje.

3.8.d Ôfspraken tusken frijwilligers en Keatsmuseum

Der wurdt yn oerlis in spesifike taakomskriuwing makke fan it wurk der 't de frijwilliger ferantwurdlik foar is. De frijwilliger wurdt yn syn funksjonearjen oanstjoerd en begelaat troch in lid fan de Museumkommisje en besprekt mei dizze persoan geregeld it resultaat fan it wurk. Alle jierren is der algemien oerlis tusken de frijwilligers en it stiftingsbestjoer.

3.8.e De begelieding fan de frijwilligers

De Museumkommisje is yn it foarste plak ferantwurdlik foar de begelieding fan de frijwilligers. Dizze kommisje ynformearret gereldwei by de frijwilligers nei harren ûnderfinings en mooglike op- en oanmerkings, suggestjes ensafuorthinne. De kwaliteit fan it wurk fan de frijwilligers wurdt ek sa no en dan besprutsen. Ek in petear oer it wurk fan de frijwilligers mei-inoar sil it noadige omtinken krije. Tidens it jierlikse wurkoerlis tusken Museumkommisje en frijwilligers sille de yn it frijwilligersplan neamde ûnderwerpen oan de oarder komme. Hâldt in frijwilliger der mei op dan sil der in einpetear mei in lid fan de Museumkommisje plakfine.



De frijwilligers rûn it keatsfjild tidens de âldjiersgearsit yn 2013

Haadstik 4 De ynrjochting en persepsje fan it museum


Op ien fan de tuorren by it Sjûkelân stiet de prachtige sin fan dichteresse Baukje Wytsma ‘hji rekke de bal it hert’. It is krekt dizze sin dy’t ús ynspirearre hat foar de nije ynrjochting. Hjiryn stiet de keatsbal sintraal as in foarwerp dat minsken yn beweging set - sportyf, en kultureel – mar ek as in foarwerp dat minsken wat docht, dat minsken boeit en bynt. It sil net in passive útstalling wurde dêr’t minsken allinnich mar by fitrines en wanden mei keatsguod del rinne. Troch gebrûk te meitsjen fan de nijste ûntwikkelings op it mêd fan audio, fideo en ICT wolle wy de besiker ‘reitsje yn it hert’. In besite oan it Keatsmuseum moat in ferrassend en nijsgjirrich barren wêze dêr’t net allinnich de spulregels by útlein wurde en guod fan eartiids toand wurdt, mar dêr’t de besiker by meinommen wurdt yn it spesifike gefoel dat keatsen by spilers en leafhawwers opropt.

Mar njonken dat ‘gefoel’ wurde de besikers ek útdage om ferskate aspekten fan it keatsen te ûnderfinen troch sels ek yn aksje te kommen. Stoppe mar ris in keatsbal fol mei kowehier en besykje dêr in rûne bal fan te meitsjen troch dizze mei nulle en tried ticht te meitsjen. Meitsje mei jo smartphone in ‘selfie’ wylst jo in keatskrâns om ‘e nekke ha. En sla ris in sitbal fia in kompjûteranimaasje! Dat kin fia in saneamde keatswii. Foar dyjinge dy’t hâldt fan kwisfragen sil der in kompjûter stean dêr’t de besiker eigen keatskennis op teste kin. It binne in pear foarbylden dy’t yllustratyf binne foar datjinge dêr’t wy nei ta wolle: In takomst foar it sjen litten fan it keatsferline dy’t oanslút en oansprekt by de besikers fan hjoed en moarn, jong en âld. Wa ‘t it Keatsmuseum besocht hat, moat it keatsen belibbe ha!

Om al dizze doelstellings realisearje te kinnen is der troch foarmjouwingsbedriuw Artitude út Ljouwert in searje sketstekeningen makke foar in mooglike yndieling fan it Keatsmuseum. De sketstekening fan de haadyndieling stiet op de folgjende side. De details fan dizze haadyndieling binne neier útwurke yn sketstekeningen dy’t yn de Bylage H 4 opnommen binne.



Plattegrûn fan de museumseal



Haadstik 5 De finansjele kant fan de saak

5.1 De finansjele grûnslach

De strukturele basis

Foar it Keatsmuseum moatte der fansels struktureel foldwaande jildmiddels ynkomme om nei de takomst ta de kontinuïteit te fersekerjen. De KNKB, dy 't it Keatsmuseum jierrenlang sels eksploitearre hat, stelt foar 2012, 2013 en 2014 in bedrach fan € 14.000 it jier beskikber en de jierren dêrnei € 10.000 it jier. Mei de Vereniging Vrienden van het Kaatsmuseum (de 'Freonen') is de ôfspraak makke dat hja de jierren 2013 oantenmei 2017 struktureel € 1.500 it jier bydrage. De Freonen binne in oan it Keatsmuseum tige besibbe groep keatsleafhawwers en sympatisanten, dy't lykwols ûnôfhinklik fan de beide stiftings fan it museum sels stean. De KPC stelt alle jierren in bedrach beskikber oan it Keatsmuseum, de lêste jierren € 1.500 it jier. De gemeente Frjentsjerteradiel jout fan 2013 ôf struktureel € 2.000 it jier oan it museum. Dizze yn totaal € 15.000, binne 'fêste' ynkkomsten dêr't it Keatsmuseum op rekkenje kin.

De Freonen fan it Keatsmuseum stelle dêrnjonken insidintueel jild beskikber om bepaalde ynvestearrings mooglik te meitsjen. Yn 2013 wie dit in bedrach fan € 2.300 foar de oanskaf fan in beamer, it oerkeapjen fan de domeinnamme 'www.kaatsmuseum.nl' en de ûntwikkelingskosten fan de nije webside.

Fûnsen

Fûnsen wolle gjin tekoarten yn de normale eksploitaasje finansierje. Dêr moat it bestjoer fan it Keatsmuseum him sels mei rêde. Fûnsen binne ornaris wol ree om insidintueel spesifike projekten te stypjen op betingst dat dy goed yn de doelstellingen fan harren fûns passe en fierders net út de eigen jildmiddels fan de oanfreger betelle wurde kinne. Adekwate oanfragen binne dêrfoar noadich. Soks ferget in knappe rezjy om yn 'e wrâld fan fûnsen te 'skoaren'. Op grûn fan wat wy oan 't no ta te hearren krigen hawwe, binne wy hoopfol dat der fûnsen binne dy 't bydrage wolle oan it realisearjen fan dit projektplan.

Skinkings

Foar de Stichting Collectie en Documentatie Kaatsmuseum is de Anbistatus ferkrigen sadat minsken dy't it Keatsmuseum in waarm hert tadrage in fiskaal oantreklike mooglikheid bean wurdt om ynsidintueel, of fiif jier lang op basis fan it Kulturele Anbi yn it ramt fan de "Nieuwe Geefwet", it Keatsmuseum in bedrach te skinken. Neat komt fansels; der sil dus in aktyf skinkingsbelied fierd wurde moatte. Mar ek hjir hawwe wy goede ferwachtings fan. Mei it each op it realisearjen fan in fernijend Keatsmuseum binne der partikuliere skinkings tasein of sels yn 2013 al oermakke.

Besibbe organisaasjes

Der binne organisaasjes dy 't mei it Keatsmuseum besibbe binne. De wichtichste is wol de KNKB. Ien fan de bestjoersleden fan de stichtingsbestjoeren sit yn it bestjoer op foardracht fan de KNKB. Mocht it Keatsmuseum ophâlde te bestean dan is der yn de statuten fan de Stichting Collectie en Documentatie Kaatsmuseum in likwidaasjebepaling opnommen yn kêst 13, lid 2 mei as ynhâld 'Bij ontbinding van de stichting zullen de goederen en een eventueel batig saldo worden uitgekeerd aan de vereniging: 'Koninklijke Nederlandse Kaats Bond' ingeschreven in het handelsregister van de Kamer van Koophandel voor Noord Nederland onder nummer 40005600.' Op de Algemiene Ledegearkomste fan 21 novimber 2013 hat de KNKB in bedrach fan € 10.000 beskikber steld foar dit projektplan.

Troch leafhawwers fan it keatsen en it museum wurdt in aksje op priemmen set by alle keatsferienings mei as doel € 1 it lid ôf te dragen oan it Keatsmuseum. Der binne sa 'n 14.000 KNKB-leden.

Oerheden

De provinsjale en de gemeentlike oerheid hawwe der al bliken fan jûn ús stribjen om it Keatsmuseum yn in oar gebou fan de grûn te krijen, ûnderstreekje te wolle. Op 6 novimber 2013 hawwe de Steaten fan Fryslân en op 7 novimber 2013 hat de Ried fan Frjentsjerteradiel in moasje oannommen dêr't beide oerheden yn oantrune wurde elts foar in nij museum in bydrage fan 1/3 diel fan it te ynfestearjen bedrach fan sa 'n € 450.000 beskikber te stellen, op betingst dat it bestjoer fan it Keatsmuseum mei in goed projektplan komt.

5.2 Ynvestearringsbegrutting

Yn haadstik 3 is al út de doeken dien wêrom der twa juridysk selsstannige stiftings yn it libben roppen binne. Foar de presintaasje nei tredde ta gean wy foar 't gemak út fan in konsolidearre siferopstelling kwa ynvestearringsbegrutting, balâns en eksploitaasjebegrutting. Dizze siferopstelling is simpelwei de som fan de finansjele gegevens fan de beide stiftings: Stichting Exploitatatie Kaatsmuseum en de Stichting Collectie en Documentatie Kaatsmuseum. Dit foarmet de grûnslach om it ien en oar ta te ljochtsjen.



Sulveren medalje mei as opschrift 'Intern. kaatsp. v.d. Perm. Commissie Franeker 2/8/1923'

Oankeap ABN-AMRO gebou oan de Voorstraat 76 te Frjentsjer

Ynvestearringsbegutting en dekkingsplan

Oankeap pân	€
Oankeap pân	250.000,00
Oerdrachtsbelesting 6 %	15.000,00
Notariskosten	2.000,00
Makelaarskoertaazje (ynkl. BTW)	2.500,00
Totaal oankeap	269.500,00
Kostenopstelling ferbou ûnderferdjipping en foargevel (Bylage 1)	54.330,00
Kostenopstelling boppeferdjipping (Bylage 2)	16.300,00
Kosten fan ynrjochting en ferfarren (Bylage 3)	28.800,00
Kosten fan nije presintaasje mei nije media (Bylage 4)	45.000,00
Kosten renovaasje foargevel neffens foarriedige rûsing	25.000,00
Kosten arsjitekt	5.000,00
Unfoarsjoen	6.070,00
Totaal oankeap, ferbou, ynrjochting, ferfarren en nije presintaasje	450.000,00
BTW oer € 193.000	38.430,00
Totaal ynklusyf BTW	488.430,00
Dekking	
Finansiering	450.000,00
Provinsje Fryslân (oannommen moasje yn de Steaten fan 6 novimber 2013)	150.000,00
Gemeente Franekeradeel (oannommen moasje yn de Rie fan 7 novimber 2013)	150.000,00
Bliuwt oer	150.000,00
Oan museum besibbe organisaasjes lykas KNKB, KPC, Freonen en Ferienings	50.000,00
Fûnsen	50.000,00
Partikulieren	50.000,00

Taljochting by de ynvestearringsbegutting en it dekkingsplan

De kosten foar oankeap en alles dat dermei anneks is, fan ferbou, ferfarren, ynrjochtsjen en op'e nij presintearjen wurde mei-inoar rûsd op € 450.000 eksklusyf BTW. Ynklusyf BTW komt de totale ynvestearring op € 488.430. De Stichting Exploitatie Kaatsmuseum is BTW-plichtich, sadat der fanút gien wurdt dat it grutste part fan it BTW-bedrach fan € 38.430 ferrekkene wurde kin.

Wat it dekkingsplan oanbelanget soene de provinsje en de gemeente beide, sjoen de oannommen moasjes en op betingst fan in goed projektplan, goed wêze foar in tredde part fan de ynvestearring. It lêste tredde part sil út partikuliere middels byinoar 'skarrele' wurde moatte. Nei ferwachting sille de oan it Keatsmuseum besibbe organisaasjes goed wêze foar € 50.000. Ut fûnsen wurdt ek ynsetten op inselde bedrach fan € 50.000. It lêste part fan ek wer € 50.000 sil fan keatsleafhawwers en sympatisanten fan it Keatsmuseum komme moatte. Ein 2013 wie hjirfan al € 20.000 oan partikuliere skinkings op de rekken fan de Stichting Collectie en Documentatie Kaatsmuseum stoarten. Fan besibbe organisaasjes en fûnsen is der ein 2013 yn totaal € 40.000 tasein, ek wer op betingst fan in goed projektplan.

5.3 Balâns en Eksploitaasjebegrutting

Algemiene taljochting

Oantenmei april 2012 wie it Keatsmuseum in ûnderdiel fan de KNKB, mei as gefolch dat de administraasje en eksploitaasje fan it Keatsmuseum ek opnommen wiene yn dy fan de KNKB. Yn it oergongsjier 2012 wie der ek noch sprake fan ferflechting. Pas fan 2013 ôf kin der foar de beide stiftings fan it Keatsmuseum in selsstannige balâns, eksploitaasjerekken en begrutting mei tabehearrende taljochting presintearre wurde.

Konsolidearre balâns Keatsmuseumstiftings					
	1-1-2013	31-12-2013		1-1-2013	31-12-2013
Ynventaris	PM	PM	Eigen fermogen	€ 7.884	€ 35.173
Kolleksje	PM	PM	Skulden		€ 1.632
Bank	€ 7.306	€ 36.413			
Te foarderjen OB	€ 578	€ 392			
	€ 7.884	€ 36.805		€ 7.884	€ 36.805

Taljochting Balâns

Yn it oergongsjier 2014 sil der njonken de normale útjeften rekken hâlde wurde moatte mei ekstra ûnkosten troch ferfarren, tydlike opslach ensafuorthinne wylst der minder ynkomen binne yn ferbân mei it ticht wêzen fan it Keatsmuseum.

De ynventaris bestiet út fitrines, kasten, tafels ensafuorthinne. Dizze besittings binne ôfskreaun en foar fierwei it grutste part net op 'e nij brûkber yn it nije museumpân, om reden dat it measte hjirfan yn 1994/95 op maat makke is foar it eardere museumgebou.

De kolleksje bestiet út earetekens, medaillekasten, histoaryske attributen, klean, ballen, fuotark en hat in fersekerde wearde fan € 400.000. Dêrnjonken is der noch in protte unyk dokumintaasjemateriaal.

Spesifikaasje Bank

	1-1-2013	31-12-2013
St Collectie & Documentatie KM	€ 26	€ 23.744
	€ 2.067	€ -
St Exploitatie Kaatsmuseum	€ 213	€ 12.669
	€ 5.000	€ -
	€ 7.306	€ 36.413

Eksploitaasjebegrutting

Foar it opstellen fan de eksploitaasjebegrutting foar de kommende jierren binne wy útgingen fan in 'oar' gebou, mar noch net fan in langere iepenstelling. Bykommende komplikaasje hjirby is dat it net realistysk is dat it Keatsmuseum yn 2014 iepen wêze kin. Yn it oergongsjier 2014 sil der njonken de normale útjeften rekken hâlde wurde moatte mei ekstra ûnkosten troch ferfarren, tydlike opslach ensafuorthinne wylst der minder ynkomen binne yn ferbân mei it ticht wêzen fan it Keatsmuseum. By need sille hjirfoar de reserves oansprutsen wurde moatte. De hjirnei folgjende konsolidearre eksploitaasjebegrutting foar de jierren 2014 oantenmei 2016 jildt dêrmei eins mear foar de jierren 2015 oantenmei 2017, dus nei realisaasje fan it nije Keatsmuseum. Mei in fernijend en foar eltsenien tagonklik Keatsmuseum op in folle better yn it sicht lizzend plak tichtby it Sjûkelân mei ferwachte wurde dat it tal besikers yn de kommende jierren heger wêze sil.

Stichting Kaatsmuseum	Jaar	Jaar	Jaar	Jaar	Jaar
geconsolideerde expl. 2013 (voorlopig)	2013	2.013	2014	2015	2016
en begroting exploitatie 2013 - 2016		Prognose			
Baten (vanaf 2014 na aankoop ABN-AMRO gebouw)	Begroting	uitkomst	Begroting	Begroting	Begroting
Donatie/giften structureel:	€	€	€	€	€
1 KNKB	14.000	14.000	14.000	10.000	10.000
2 KPC	1.500	1.500	1.500	1.500	1.500
3 Gemeente Franekeradeel	2.000	2.000	2.000	2.000	2.000
4 Stichting Vrienden van het Kaatsmuseum.	1.500	1.500	1.500	1.500	1.500
5 Donaties incidenteel/Stichting Collectie	225	2.309	2.500	2.500	2.500
Partikuliere donaties t.b.v. de realisering van een nieuw kaatsmuseum		20.100			
6 Museumbezoek	1.600	2.100	5.250	6.300	7.560
rente VST int spaarrekening					
Totaal aan baten	20.825	43.509	26.750	23.800	25.060
Lasten (vanaf 2014 na aankoop ABNAmro gebouw)				Plus 2%	Plus 2%
7 Gemeentelijke 'belastingen'	500	502	500	510	520
Reclamebelasting	750	750	750	750	750
8 Gebruikerskosten	1.275	2.071			
Wetterskip Fryslân (waterschaps- en zuiveringsheffing)			250	255	260
Nutsbedrijven (water, elektra en gas)			3.300	3.366	3.433
9 Onderhoud gebouw			750	765	780
Reservering groot onderhoud			2.400	2.448	2.497
10 Verzekeringen	3.075	3.071	3.675	3.749	3.823
11 Schoonmaakkosten	1.900	1.713	2.000	2.040	2.081
12 Beveiliging/inbraakpreventie	800	705	800	816	832
13 Bemensing Kaatsmuseum	1.000	940	1.000	1.020	1.040
14 Internet en telefoon			1.250	1.275	1.301
15 Reis- en overige kosten	3.700	2.168	2.500	2.550	2.601
16 Activiteiten en Tentoonstellingen	2.500	2.411	2.500	2.550	2.601
17 Overige kosten	3.100	1.185	1.500	1.530	1.561
18 Kleine aanschaffingen	200	316	400	408	416
19 Bankkosten	425	202	250	255	260
Resultaat	1.600	27.475	2.925	-487	303
Totaal aan kosten	20.825	43.509	26.750	23.800	25.060

Toelichting op de posten

- 1 - Na de verzelfstandiging is met de KNKB overeengekomen dat gedurende drie jaar een bedrag van € 14.000 en daarna € 10.000 door de KNKB bijgedragen zal worden.
 - 2 - De KPC stelt elk jaar een bedrag beschikbaar, de laatste jaren € 1.500 per jaar.
 - 3 - Vanaf 2013 wordt door de gemeente Franekeradeel in ieder geval gedurende vijf jaar, jaarlijks € 2.000 subsidie verstrekt.
 - 4 - De Vrienden van het Kaatsmuseum beschikken over zo 'n 450 donateurs, die minimaal een donatie van € 15 per jaar betalen. Deze vereniging doneert jaarlijks € 1.500 aan het museum.
 - 5 - Deze post bestaat uit een aantal componenten. Incidenteel kan een beroep worden gedaan op de 'Freonen'. In 2013 is in totaal een bedrag van € 2.300 verkregen voor de aanschaf van een beamer, het overnemen van domeinnaam www.kaatsmuseum.nl en de ontwikkelingskosten van de nieuwe website. Door de Stichting Exploitatie Kaatsmuseum worden alle vigerende werkzaamheden voor de Stichting Collectie en Documentatie Kaatsmuseum verricht. Hiervoor kan een jaarlijkse vergoeding betaald worden. In 2013 is er € 20.100 door particulieren gedoneerd met het oog op de realisering van een nieuw Kaatsmuseum in 2014.
 - 6 - Bij een vernieuwd Kaatsmuseum gaan we als start uit van 1500 betalende bezoekers. In de jaren 2012 en 2013 is dit aantal mede door minder activiteiten tot onder de 1000 gedaald, daarvoor lag het hoger, in 2011 bijvoorbeeld 1100. We verwachten in de beginjaren een toename van 20% toeschouwers per jaar. In eerste instantie gaan we uit van een sluitende exploitatie, maar onze ambitie ligt hoger. Naast de betalende bezoekers hebben de Vrienden van het Kaatsmuseum en diverse relaties vrije toegang. Hierdoor is het totaal aantal bezoekers substantieel hoger dan het aantal betalende bezoekers. Het uitgangspunt voor de begroting vormt in eerste instantie een ongewijzigde openingstijd en openingsperiode.
- NB In de begroting van de lasten is rekening gehouden met een stijging van 2%.
- 7 - Deze post bestaat uit OZB, afvalstoffenheffing, rioolheffing en reclamebelasting.
 - 8 - Op basis van de bruikleenovereenkomst waren gebruikerskosten overeengekomen. Met de aankoop van een pand komen hier de eigenaarslasten bij.
 - 9 - De post onderhoud bestaat uit de kosten voor het periodieke klein onderhoud van het gebouw en de jaarlijkse reservering voor (groot)onderhoud. Deze laatste post dient voor de vervanging van de dakbedekking (gemiddeld eenmaal in de twintig jaar) en de periodieke schilderbeurt (gemiddeld eenmaal in de vijf jaar).
 - 10 - Onder deze post vallen de verzekeringen voor gebouw, collectie, aansprakelijkheid gebouw en bestuurdersaansprakelijkheid.
 - 11 - De schoonmaak (buiten, binnen en vitrines) wordt thans nog door een professioneel bedrijf verzorgd. Het is de bedoeling dat dit een vrijwilligerstaak gaat worden, maar in de begroting is hier slechts ten dele van uitgegaan, aangezien een grotere ruimte meer schoonmaakkosten tot gevolg zal hebben.
 - 12 - De collectie vertegenwoordigt een verzekerde waarde van € 400.000.
 - 13 - Het Kaatsmuseum wordt thans door een vrijwilliger bemenst, die hiervoor de in de wet Loonbelasting genoemde vrijwilligersvergoeding ontvangt. Ook deze taak zou na verloop van tijd door vrijwilligers opgepakt kunnen worden.
 - 14 - De kosten voor telefoon en internet zijn in de overige kosten versleuteld in 2013. Voor de jaren daarna worden ze als zelfstandige post opgenomen.
 - 15 - Voor zakelijk gemaakte reiskosten wordt € 0,19 per km vergoed.
 - 16 - De tentoonstelling in 2012 had als onderwerp de internationale positie van het kaatsen. In dat jaar werden de Wereldkampioenschappen Kaatsen in Franeker gehouden. In 2013 was de tentoonstelling gewijd aan 160-jaar KPC. Het voornemen is om de eerstvolgende tentoonstelling over de voormalige CFK (Christelijk Friese Kaatsbond) te laten gaan.
 - 17 - Hieronder vallen onder meer reclame, advertenties, website, drukwerk en kantoorkosten.

Bylage H 3 It beliedsplan

Bestjoer en behear

Stiftingsbestjoer

It Stiftingsbestjoer kin seis funksjes dy 't oer fiif persoanen ferdield binne. Hjir folgje de funksjes mei de omskriuwing.

Foarsitter

- Lieden fan (bestjoers)gearkomsten;
- Underhâlden fan kontakten mei KNKB, KPC en Freonen fan it Keatsmuseum en oare relevante partners;
- It gesicht fan it Keatsmuseum nei de bûtenwrâld (wurdfierder);
- Underhâlden fan kontakt mei de foarsitter fan de Museumkommisje;
- Ferantwurdlik wêzen foar de beliedsmjittige aspekten fan it PR en Marketingbelied;
- Tafersjoch hâlden op it útfieren fan it bestjoersbelied en it bestjoersfunksjonearjen.

Skriuwer

- Taryden fan bestjoersgearkomsten;
- Ferslachelizzen fan bestjoersgearkomste;
- Behearen fan it bestjoersargyf;
- Fersoargjen fan ynkommende en útgeande stikken;
- Skriuwen fan it jierferslach;
- Tafersjoch hâlden op it frijwilligersbelied.

Ponghâlder

- Behearjen fan de finansjele middels fan de twa stiftings mei ferslachelizzing en ferantwurdling oan it bestjoer;
- Opstellen fan de jierlikse begrutting en jierrekken;
- Oansprekpunt wêze by it tafersjoch troch eksterne kontroleurs;
- Tafersjoch hâlden op de museumkas en it meitsjen fan wurkôfspraken mei dyjinge dy't de kas yn it Keatsmuseum beheart.

Boukundige saken en gebouwenbehear

- Tafersjoch hâlden op de steat fan húsfersting fan it museum (gebou en ynrjochting);
- Tafersjoch hâlden op de húsfersting fan it museumbesit dat yn depot opslein is;
- Koördinearjen fan ûnderhâldsaktiviteiten en tafersjoch hâlde op de útfiering;
- Oerlisfieren mei it kommisjelid útstallings oer de technyske realisaasje.

Museale saken

- Ferantwurdlik wêzen foar de foarming en it behear fan de kolleksje;
- Soargjen foar it aktualisearjen fan it kolleksjeprofyl en tafersjoch hâlde op it sammelbelied;
- Oerlisfieren mei it kommisjelid museale saken oer it kolleksjebelied.
- Tafersjoch hâlden op in goed behear fan de kolleksje;
- Oerlisfieren mei it kommisjelid ICT en útstallingen oer it presintaasjebelied;
- Byhâlden fan nije ûntwikkelings op it mêd fan sammel- en presintaasjebelied.

PR en marketing

- Soargjen foar it berikken fan ferskate doelgroepen mei besteande en nije kommunikaasjemiddels en marketingstrategyen;
- Belutsen wêzen by it ûntwerpen en ynhâld jaan fan de nije webside;
- Ferantwurdlik wêzen foar it aktueel hâlden fan de tekstuele ynhâld fan de webside;
- Kennis hawwen oer it effisjint brûken fan nije (sosjale) media.

De Museumkommissje

De Museumkommissje hat as wichtichste taak it deistich behear oer it Keatsmuseum.

Foarsitter

- Lieden fan de Museumkommissje;
- It meitsjen fan in plan foar it oanstjoeren fan de frijwilligers foar de útfierende saken, dit yn oerlis mei de oare museumkommissjeleden;
- It op de hichte hâlden fan it bestjoer fan de stiftings fan de gong fan saken yn de Museumkommissje;
- Soargjen foar it opstellen fan jierlikse aktiviteitenplannen op it terrein fan akwisyse, behear en presintaasje en it hâlden fan tafersjoch op de útfiering;
- Fieren fan it wurk as it giet om museumaktiviteiten.

Sekretariaat en fasilitêre saken

- Fersoargjen fan de ferslachlizzing fan it kommissje-oerlis oer wurkôfspraken en tiidpaad;
- Opstellen fan in oanwêzichheidsroaster;
- Melden fan needsaaklik ûnderhâld;
- Fersoargjen fan húshâldlike saken.

Algemiene en finansjele saken

- Byhâlden fan de finansjele ferantwurdling foar deistige útjeften en ynkomen (Museumkas);
- Oerlis hâlden mei de ponghâlder fan it Stiftingsbestjoer oer de jierlikse begrutting.

Museale saken

- Sammelen en behearen fan museumstikken en dokumintaasje, op basis fan it formulearre kolleksjebelied;
- Registrearjen en tafersjoch hâlden op eksterne útlieningen;
- Akwisyse fan kontakten mei skinkers en/of brûklienjouwers;
- Oerlisfieren mei saakkundigen oer it skatten fan de wearde fan kolleksje. (y.f.m. de te fersekerjen wearde);
- Noed hawwen foar in goed registraasjesysteem fan de foarwerpen en de dokumintaasje;
- Tafersjoch hâlden op it goed beskriuwen en ûntsluten fan de kolleksje yn registraasjesystemen;
- Yn oparbeidzjen mei ICT soargje foar it digitalisearjen fan de kolleksje en hat te krijen mei de ûntwikkeling fan de behearssystematyk foar digitale ynformaasje.

ICT en útstallings

- Advisearjen oer ICT saken; benammen op it mêd fan registraasjesystemen;
- Soargjen foar back-ups en feiligens fan it registraasjesysteem;
- Yn oparbeidzjen mei museale saken soarge foar it digitalisearjen fan de kolleksje;
- Belutsen wêze by it op nijsgjirrige en fernijende wize presintearjen fan de kolleksje.


PR en marketing

- Kontakt hâlden foar de beliedsmjittige aspekten fan PR en Marketingbelied mei de foarsitter fan it Stiftingsbestjoer;
- Soargje foar it berikken fan ferskate doelgroepen mei besteande en nije kommunikaasjemiddels en marketingstrategies;
- Belutsen wêze by it ûntwerpen en ynhâld jaan fan de nije webside;
- Ferantwurdlik wêzen foar it aktueel hâlden fan de tekstuele ynhâld fan de webside;
- Kennis hawwen oer it effisjint brûken fan nije (sosjale) media.

Organogram


Yn de takomst sil de organisaasje fan it Keatsmuseum feroarje en profesjoneler makke wurde. Der moatte in frijwilligerskoördinator en kontaktpersoanen komme foar it oanstjoeren fan in tanimmend tal frijwilligers, dat sûnder mis útwreide wurde moat ta sa 'n 50 persoanen. De Museumkommisje sil dan ferdwine. It meitsjen fan in kwaliteitsslach sil dien wurde moatte yn oparbeidzjen mei de Museumfederatie. Sa sil der ek dielnommen wurde moatte oan de kursus frijwilligersmanagement fan dizze federaasje. De bedoeling is dat de oanstjoering en it behear fan de organisaasje Keatsmuseum effisjenter en dúdliker wurdt.




Organogram
Kaatsmuseum




Bylagen H 4 De ynrjochting en persepsje fan it museum


Kabinetsje mei oersjoch fan ferskate aktiviteiten








Interactieve game met oplopende wand als kaatsveld





film materiaal kijke of kwts spelen



Audio-visuele expo-kubus



exponuimte en/of audio



Bijlagen H 5 De finansjele kant fan de saak

ABN-AMRO Voorstraat 76 Franeker Kosten opstelling verbouw

Bijlage 1

slopen spreekkamer 08 en 09:		€	€	€
slopen muren, plafond e.d.	80 m2	40	3.200	
afvoer puin e.d. in containers	2 st.	300	600	
diversen			100	
totaal				3.900
stucwerk wanden:				
stucwerk wanden	186 m2	25	4.650	
diversen bijwerken			250	
totaal				4.900
stucwerk vloer:				
cement afwerkvloer bijwerken	post		1.000	
egaliseren vloer	8 uren	35	280	
egaline			250	
totaal				1.530
plafond:				
systeemplafonds met kantregels e.d.	300 m2	45		13.500
vloer:				
laminaat vloer inclusief plinten	300 m2	50		15.000
schilderwerk:				
schilderwerk binnen	post			3.000
loodgieterswerk:				
riolering, sanitair, koud- en warmwaterleidingen	post			1.000
verwarmingsinstallatie:				
aanpassen radiatoren	post			1.000
elektrische installatie:				
aanpassen installatie	post		1.000	
armaturen in plafond	post		5.000	
totaal				6.000
ventilatie installatie:				
mechanische ventilatie	post			1.500
naamsaanduiding op buitengevel	post			3.000
totaal exclusief b.t.w.				54.330
totaal inclusief 21% B.T.W.				65.739

ABN-AMRO Voorstraat 76 Franeker
Kosten opstelling verbouw bovenverd

Bijlage 2

isolatieglas buitenkozijnen: in kozijnen en deuren	80 m2	€ 150	€ 1.800	€
toilet vernieuwen: tegelwerk en installatiewerk	post			3.000
keuken inrichting: inpassen keuken	post			2.500
vloer: laminaavloer inclusief plinten	100 m2	50		5.000
schilderwerk: schilderwerk binnen	post			2.500
ventilatie installatie: mechanische ventilatie	post			<u>1.500</u>
totaal exclusief b t.w .				16.300
totaal inclusief 21 % B.T.W.				19.723



Foto Henk Bootsma

ABN-AMRO Voorstraat 76 Franeker
Kosten opstelling inrichting

Bijlage 3

		€
balie	post	3.500
vitruines	post	10.000
stoffering vitrages ramen e.d.	post	2.500
beamer in plafond	post	750
oprolbaar scherm	post	750
bureau's 2 stuks	post	1.000
bureau stoel 2 stuks	post	300
kasten	post	2.000
tafel + 6 stoelen	post	1.500
computers 2 stuks	post	1.500
printer	post	250
kapstok	post	<u>250</u>
totaal		24.300
kosten verhuizing		4.000
raam uithalen en weer inzetten		<u>500</u>
totaal exclusief B.T.W		28.800
totaal inclusief 21% B T.W.		34.848




Foto Henk Bootsma

It 'balopstekken' of it 'útdaagjen' (de bal yn de klau stekke) wie yn de achtsjinde ieu it teken dat de iene keatser de oare útdage. Wy daagje eltsenien út om mei ús der in moai museum fan te meitjen. In moaiere kin dit projekplan net krije!